

Libje op jins deade gemak

FD 18.9.2010

Ferhalen

troch Jaap Krol

Hidde Boersma (Wiuwert, 1980) dy't de Universiteit foar Humanistyk folge en as skriuwer wurket, is de skepper fan it wurd 'doedisme'. It doedisme giet der fanút dat it libben moai is, of moaier wurdt, as it sleau yn syn ienfâld belibbe wurdt. Jou in mins de tiid, dan fynt er syn draai fansels wol. 'Onthaasten' sizze wy hjoeddedei, in tema dat Boersma syn literêre kredo liket te wêzen.

Geandewei de bondel begûn ik wol in bepaalde spanning te missen

De titel fan syn earste dichtbondel (*De rop om Doede* - 2008) sprekt yn dit ferbân foar himsels. 'Doedisme' is fierders in aardige wurdboarterij foar filmkenners, want it is fansels ek in knypeach nei The Dude, it luie personaazje út *The Big Lebowski*, de hilaryske bowling-film fan de bruorren Coen.

Boersma syn proazadebút hjit *Fol tûch de mist yn*, in wurdige dy't de skriuwer betocht doe't er maat wie op in skip. It is in samling fan aven-



Fol tûch de mist yn is in wurdige dy't de skriuwer betocht doe't er maat wie op in skip.

Foto: Frans Andringa

toeren, anekdoten en observaasjes, wêryn't de skriuwer hieltyd moetingen hat, sawol tichteby hûs (bygelyks yn syn wenplak Utert), as earne fier fuort. Sa lêze wy bygelyks

oer syn moeting mei in Kolumbiaanske VN-militêr dy't stasjonearre is yn de Sinai en mei ferlof is yn Tel Aviv. In oar ferhaaltsje (it binne der 36) giet oer in reis nei Istan-

boel, mei famkes, hasj en bier yn 'e folop. Wer in oar giet oer in kanotocht flakby Utert. Dat ferhaal is krekt sa spannend as - no ja - de lome simmerdei.

De skriuwer liket wol in kafeegonger, dy't eefkes by de minsken oanskoot, in praatsje mei se makket en dan wer fierder giet. Faak wurdt de skriuwer beselsskippe troch maten mei yllustere nammen lykas 'Sturt 'n Bealch' of 'It fjoer fan Siden'.

Relaxed ritme

Ik mei dit type ferhalen c.q. ferhaaltsjes wol. Boersma's anekdoates hawwe in noflik, relaxed ritme, wat de moeting mei in oar krekt dêrom faak nijsgjirrich makket. Dochs moat ik dêr wol wat foaroer sette. It doedisme is in moai literêr statement, mar geandewei de bondel begûn ik wol in bepaalde spanning te missen. It is bêst aardich om wat te lêzen oer Boersma syn tiid as maat op in skip en syn haat/leafde-ferhâlding mei skipper 'It Beest', it ferhaaltsje mist ek in idee - in idee dat dy dwaande hâldt. As lêzer wurdt ik net altyd útdage de kuere fan minsken te folgjen of te begripen. Ik fyn dan ek dat Boersma syn literêre kwaliteiten mear oansprekke moat om him yn syn opponinten te ferdjipjen. Ofgeande op syn heldere, iepen styl tink ik dat dat gjin probleem is.

i Fol tûch de mist yn. Hidde Boersma. Friese Pers Boekerij 2010, 17,50 euro

